



Kijktip:

## 'Een oceaan van dromen' – het verhaal van Sterke Yerke

Te zien op 11 en 12 juni

Vier Friese jongens staken in 1979 op het zelfgebouwde vlot 'Sterke Yerke' de Atlantische Oceaan over, om onderweg de olievervuiling te onderzoeken. Met een nieuw vlot wordt nu aandacht gevraagd voor de plasticsoep. De tweedelige FryslânDOK 'Een oceaan van dromen' is te zien op 11 en 18 juni bij NPO2 en op 12 en 19 juni bij Omrop Fryslân.

In 1979 waren ze wereldnieuws. Radio, televisie en kranten volgden dagelijks via Radio Scheveningen de jonge mannen en hun vlot Sterke Yerke, want dit avontuur sprak tot de verbeelding. Guus en Chris Schweigmann en Leo van der Ploeg bemanden het vlot, bioloog Frits Riemersma nam onderweg monsters van de olievervuiling in zee. Met dit wetenschappelijk onderzoek diende de reis ook een maatschappelijk doel. Sterke Yerke was een duidelijke exponent van zijn tijd, de jaren zeventig, waarin jongeren hun eigen koers bepaalden en de zorgen om het milieu toenamen.

De reis was bijna voltooid, toen het vlot op de rotsen van Bonaire strandde en zonk. Zes jaar later kon de Sterke Yerke geborgen worden en werden er nog enkele waardevolle spullen boven water gehaald. De initiatiefnemers van toen proberen nu, veertig jaar na het avontuur, hun gedachtegoed over te dragen op jongere generaties. Er is een nieuw zeewaardig vlot gebouwd, de Sterke Yerke IV, dat de zee op gaat om aandacht te vragen voor een nieuw wereldwijd milieuprobleem: de plasticsoep.

Voor Guus, Chris, Leo en Frits was de oversteek van de oceaan een ervaring die hun levens voor altijd heeft veranderd. Documentairemaker Gerard van der Veer volgt de reis in het kielzog van de Sterke Yerke, van toen tot nu. Naast de FryslânDOK TV-documentaire is er ook de podcast '[Sterke Yerke III - In oceaan fan dreamen](#)', die Geartsje de Vries maakte in 2021.

### FryslânDOK: 'Een oceaan van dromen' – het verhaal van Sterke Yerke

Zaterdag 11 & 18 juni NPO2 15.30 uur (herhaling 's zondags 13.15 uur)

Zondag 12 & 19 juni Omrop Fryslân 17.00 uur (herhaling ieder uur)

*FryslânDOK wordt Nederlands ondertiteld.*



Omrop Fryslân



Kom fierder



Sjochtip:

## 'In oseaan fan dreamen' – it ferhaal fan Sterke Yerke

Te sjen op 11 en 12 juny

Fjouwer Fryske jonges stutsen yn 1979 op it selsboude flot 'Sterke Yerke' de Atlantyske Oseaan oer, om ûnderweis de oaljefersmoarging te ûndersykjen. Mei in nij flot wurdt no oandacht frege foar de plestiksop. De twadielige FryslânDOK 'In oseaan fan dreamen' is te sjen op 11 en 18 juny by NPO2 en op 12 en 19 juny by Omrop Fryslân.

Yn 1979 wiene se wrâldnijs. Radio, telefyzje en kranten folgen alle dagen fia Radio Scheveningen de jonge mannen en harren flot Sterke Yerke, want dit aventoer spruts ta de ferbylding. Guus en Chris Schweigmann en Leo van der Ploeg bemanden it flot, biolooch Frits Riemersma naam ûnderweis meunsters fan de oaljefersmoarging yn see. Mei dit wittenskiplik ûndersyk tsjinne de reis ek in maatskiplik doel. Sterke Yerke wie in dúdlike eksponint fan syn tiid, de jierren santich, doe't jongeren har eigen koers bepaalden, en de soargen om it miljeu tanamen.

De reis wie hast dien, doe't it flot op de rotsen fan Bonaire strâne en sonk. Seis jier letter koe de Sterke Yerke burgen wurde en waard der noch wat weardefol guod boppe wetter helle.

De inisjatyfnimmers fan doe besykje no, fjirtich nei it aventoer, harren gedachteguod oer te dragen op jongere generaasjes. Der is in nij seeweardich flot boud, de Sterke Yerke IV, dat de see op giet om oandacht te freegjen foar in nij wrâldwiid miljeuprobleem: de plestiksop.

Foar Guus, Chris, Leo en Frits wie de oerstek fan de oseaan in ûnderfining dy't harren libbens foar altyd feroare hat. Dokumintêremakker Gerard van der Veer folge de reis yn it kylwetter fan de Sterke Yerke, fan doe oant no. Neist de FryslânDOK TV-dokumintêre is der ek de podcast '[Sterke Yerke III - In oseaan fan dreamen](#)', dy't Geartsje de Vries makke yn 2021.

### FryslânDOK: 'In oseaan fan dreamen' – it ferhaal fan Sterke Yerke

Sneon 11 & 18 juny NPO2 15.30 oere (werhelling sneins 13.15 oere)

Snein 12 & 19 juny Omrop Fryslân 17.00 oere (werhelling alle oeren)

FryslânDOK wurdt Nederlânsk ûndertitele.



Omrop Fryslân



Kom fierder